


# “Fryske eksodus nei Nije Wrâld 19de ieu...”

Sm. Nfld. 24/6 2008  
DE HOMMERTS- In 1986 makke Gerrit Damsma, doedestiids journalist fan it Friesch Dagblad, in reis nei ( âld )emigranten en harren neiteam yn Michigan. Hy rekke fassinearre troch alle ferhalen oer dy earste lânferhuzers. Har libbensferhaal is tekene yn dizze dokumintêre histoaryske roman. Dizze flaptekst achterop de roman 'De beam fan belofte', fan Gerrit Damsma, jout yn in nutedop de oanlieding wer, wêrom't de âldsjoernalistnoch op lette leeftyd debutearret. It boek is ferskynd bij Utjouwerij Frysk en Frij.

Op it omkapt stiet dat 'De beam fan belofte' in roman is, op 'e achterkant wurdt skreaun dat it in 'dokumintêre histoaryske roman', wêze soe. Ik hâld it op it lêste, al soe de oantsjutting 'documentaire dramatique' ek net misstien hawwe. Ommers yn it boek wurdt aardich wat dokumentaasje ferwurke (documentaire), mar it ferhaal giet oer libbene minsken (dramatique).

Hoe't de sjenre-oantsjutting ek wêze mei, 'De beam fan belofte', is in boeiende roman oer in earste ploech Friezen dy't yn 1847 nei Michigan emigrearret. Damsma hat it boek yn trije dielen ferparte: *De beam fan fertriet* ( haadstikken I-VIII, siden 13-87), *De reis* ( haadstikken IX-XV, siden 91-147) en *De pakebeam* ( haadstikken XVI-XXXIII, siden 151-276). In prolooch, in epilooch, in ferantwurdig, boarnen fan sitaten, in passazjierslist fan de Vesta ( it skip dêr't de oertoch mei makke waard ) en in tal kaartsjes komplettearje it 304 siden tsjokke boek.

Yn it midden fan 'e 19de ieu hawwe in protte minsken it yn Fryslân dreech, benammen de lju dy't har ôfskieden fan 'e steatstjerke. Ekonomys wie it ek gjin fetpot en de wurkleazens wie heech. As yn 1846 de jirpelsykte ek



De omslag van het boek 'De beam fan belofte'

nochris útbrekt, is dat foar guon Friezen reden om nei Amearika te emigrearjen. Dûmny Albertus van Raalte is ien fan 'e foaroanmannen dy't mei fluchskriften en brosjueres minsken besiket oer te heljen om de eksodus nei de Nije Wrâld oan te gean.

Van Raalte krijt in hiel soad lju achter

him. Ek in grutte ploech Friezen wol de swetten wol ferlizze. Under lieding fan dûmny Marten Annes Ypma, geane op 7 april fan it jier 1847 mar leafst 78 minsken oan board fan de Ingelse brik Vesta. Nei in freeslike tocht, meast yn it rom fan it stjonkende sylskip, komme se nei 54 dagen oan yn Amearika. Dêr is de einbestimming noch net

berikt, want dan moatte se noch twatûzen kilometer reizgje om op it plak fan bestimming oan te kommen. Dat plak fan bestimming is Vriesland, djiipwei yn it oerwâld.

Dêr moatte de Fryske pioniers harren nij wenplak bekapje ûnder tige primitive omstannichheden. It duorret in pear jier, mar dan krije dizze trochsetters stadichoan de fuotten wat ûnder it gat. It slagget dizze groep om in nij bestean op te bouwen, al kin rêstich steld wurde dat Vriesland boud is 'on the bones of the founders'.

Gerrit Damsma hat mei 'De beam fan belofte' in histoarise roman skreaun, wêrbij't er net al te bot de klam lein hat op de karakters fan de romanpersonaasjes. De fiktive haadpersoanen, Geart van Dam en Jetske Feenstra, binne wol libbene figueren mar misse psychologise djipgong. De skriuwer hat de klam lein op de ynformaasje. It ferhaal sels is foar him middel om de lêzers kennis bij te bringen: 'skiednis út de 19de ieu oer in Fryske eksodus nei de Nije Wrâld', stiet net om 'e nocht op 'e titelside fan it boek.

Nei it lêzen fan de roman, dy't mij gjin momint ferfeelde, haw ik in realistys byld krige hoe't it de pioniers dêr yn Michangin fergien is. Dochs is it net allinne histoarise ynformaasje dy't Damsma jout, ik haw nei it lêzen fan dizze roman grutte bewûndering krige foar al dy Fryske trochsetters dêr yn Vriesland.

De ein fan it romantisearre ferhaal oer Geart van Dam en syn Jetske Feenstra is yn 1852, twa jier neidat se ta Amearikaan naturalisearre binne. Wat der fan dit ferhaal oerbliuwt? In nij ferhaal oer hoe't de neikommelingen fan Geart en Jetske yn 'e States fergien is. Gerrit Damsma mei om mij dy story wol skriuwe, syn debútroman hat yn elts gefal skoan foldien.

Henk van der Veer

Gerrit Damsma: 'De beam fan belofte'. Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert 2001, 304 siden. € 15,90